

# 14 jier heit&mem



heit&mem is in twatalich blêd foar âlders en opfieders mei bern tusken de 0 en 12 jier. In blêd fol artikels oer opfieden, sûnens, skoalle, bern, mear talichheid, boeken en fansels de bernepraatsjes. De website [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl) is yn 2007 betocht troch meiwurkers fan de Afûk, mei as doel oanstearde en jonge âlders te ynformearjen oer it mear talich opfieden. Yn 2009 kaam it earste nûmer fan it byhearrende tydskrift heit&mem. It blêd ferskynt twa kear jiers yn in oplage fan 36.000 eksimplaren en wurdt rûnom yn Fryslân ferspraat op mear as 400 plakken, ûnder oaren by bibliteken, sikehûzen, basiskoallen en bernedeiferbliuwen. En dit jier ferskynt sels ek de earste heit&mem-podcast!

Al mei al, heit&mem stiet noait stil. Der is krekt wer in nij nûmer ferskynt. It is in prachtige simmerske edysje wurden. Yn dit nûmer giet it û.o. oer lytse ûndernimmers, de magy fan poëzy, oer heechgefoelige bern mei in sterke wil, oer Ype Roan dy't in auto-ymmúnsykte hat, oer bûtenboartsjen, hutten bouwe en noch folle mear!

Wolsto de heit&mem ek? Do kinst it blêd bestelle fia [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of sjoch op [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl) foar de ferspriedingslist. Ek kinst it blêd online ynsjen. In protte lêswille tawinske!

## Kommendewei!

### Dwarsliggers in Appelscha


Yn *Dwarsliggers in Appelscha over veenstakers, armoede, dienstweigeraars en sociale verheffing* wurdt yn 40 ferhalen 100 jier skiednis fan fiif generaasjes Friezen yn it feandoarp Appelscha fertelt. De auteur Marianne Kootstra kleuret de ferhalen mei oantinkens út har jeugd, ôfwiksele mei famyljeferhalen en anekdoates oer dwerse minsken dy't mei de kop yn de wyn opkamen foar harren eigen oertsjûging út de skiednis fan it 'reade' Appelscha.

Ferhalen oer wurkjen yn it fean, feanstakingen, ûndermining fan it gesach, tsjinstwegerjen en oer hoe't famyljebannen sterker wiene as ferskillen yn politike opfettingen. Oer Roel Jacobs dy't as sekretaris fan de Sociaal Democratische Bond sekuer ferantwurde wa't hoefolle sinten bydroech foar de stipe fan ûntsloegen stakingslieders. Oer Baukje, ien fan de froulike stakers dy't wikenlang it wurk delleine omdat se itselde fertsjinje woene as wat

de manlju foar dat wurk útbetelle krigen. Oer drankbestriders Sara dy't har gasten wekt prommesop oanbea yn stee fan de buorrel dêr't se sa'n sin oan hiene.

In prachtich boek mei ferhalen en anekdoates oer dwerse minsken dy't kleur jouwe oan de skiednis fan it reade feandoarp Appelscha.

It boek *Dwarsliggers in Appelscha* ferskynt yn novimber 2023. Bestel it boek foar 10 septimber yn de websjop, dan krije jo it foar de yntekenpriis fan € 25,- (yn stee fan € 29,95).



## Spultsjes foar yn 'e koffer

De simmerfakânsje komt deroan! En it moaiste fan fakânsje is: mear tiid foar én mei elkoar. Dus net ferjitte om spultsjes mei te nimmen op fakânsje, want dy soargje foar 'quality time' mei-inoar en in hiel soad wille!

Foar elk dy't Fryslân in bytsje mist op fakânsje: de leukste spultsjes mei in Frysk tintasje.

Dizze én oare (Fryske) spultsjes fynst fansels yn de Afûk-winkel yn Ljouwert, of bestelst se fuortdalik yn ús websjop!



Mei oare wurden  
€ 24,95

Ried de omskreaune wurden  
binnen 30 sekonden en win!

Letterfretter kwartet  
€ 9,95

Sammelje alle 14 kwartetten fan  
wurden mei de Fryske lûden.



Monopoly Deal – Fryslân  
€ 12,99

Fryslân-edysje fan it ynnovative  
en flugge Monopoly-kaartspultsje.

## Oant sjen yn ús winkel

### ADRES

Bûterhoeke 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

[yfno@afuk.frl](mailto:yfno@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

/stichtingafuk  
 /StichtingAfuk

### IEPENINGSTIDEN

Moandei  
13.00 - 17.30 oere  
Tiisdei o/m freed  
09.30 - 17.30 oere  
Sneon  
10.30 - 17.00 oere



Foar dizze en oare boeketips,  
sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl),  
of scan de QR-koade.

## Boeketip 5



**1** Joazefine  
fiert fakânsje

Alexander  
Steffensmeier  
€ 16,95

'Fakânsje fiere, dat wol ik ek', tinkt Joazefine. As se flakby hûs in prachtich fakânsjeplakje ûntdekt, hat se in soad fakânsjewille, mar wat fine se dêr op 'e pleats fan?



**2** De Winskhoed  
fan Fortunatus

Waling Dykstra  
€ 19,95

Waling Dykstra wie de belangrykste realistyske Fryske skriuwer fan de njoggentjinde iuw. Syn betide ferhalesyklus *De Winskhoed fan Fortunatus* wurdt mei dizze twatalige útjefte foar it earst yn boekfoarm publisearre.



**3** Spinnen,  
Wantsen en  
Sweefmiggen  
- Fryske natoergids

Sake. P. Roodbergen  
€ 12,50

Dizze achtste Frysktalige natoergids beskriuwt wichtige saken oangeande dizze trije bistegroepen en jout in foto fan de fyftich meast manmachtige soarten fan de trije groepen yn ús provinsje.



**4** Op eigen  
kracht - 30  
jaar De Kast

Harry de Jong  
€ 30,00

De Kast wie yn de jierren '90 ien fan de populêrste popbands fan Nederlân en wûn grutte prizen. Yn dit boek fertelt muzyksjoernalist Harry de Jong foar it earst it folsleine ferhaal fan De Kast.



**5** Ien tel de  
ierde stil

Arjan Hut  
€ 17,50

As in knipperjende tried rint de tiid troch de dichtbondel *Ien tel de ierde stil* fan Arjan Hut. Yn de fersen leit de winsk besletten om de tiid te manipulearjen.